



## In hoaltsje yn de keamer

Geartsje Douma / yllustraasje Marlous van Groenestein

Hoei, hoei, docht de wyn.  
En de rein slacht tsjin de ruten.  
Trynke en Jasper kinne net nei bûten.  
'Wy kinne wol in hutte meitsje,'  
betinkt Jasper.  
'Of in hoaltsje ûnder de tafel,'  
seit Trynke.  
'Dat dogge we,' knikt Jasper.  
Hy hinget in kleed oer de tafel.  
En Trynke draait de stuollen om.  
Jasper en Trynke krûpe yn it hoaltsje.  
'No moatte we sliepe,' seit Trynke.  
Se geane lizzen,  
mar it leit net sa lekker op de  
hurde flier.  
'Ik wit wat,' seit Jasper.  
Hy lûkt in kessen fan 'e bank  
en sleept dat nei it hoaltsje ta.  
Dat is in goed idee.  
Trynke hellet ek in kessen op.  
Eefkes letter lizze alle kessens yn  
de hoale.  
De bern geane der lekker op lizzen.

Mem komt de keamer yn mei de  
krante.  
Se sjocht nei de bank sûnder kessens.  
'Hè?' seit se, 'wêr moat ik no sitte?'  
'Grrr, grrr,' heart se.  
Mem rint nei de iterstafel ta.  
Se tilt it kleed op en seit:  
'O, dêr lizze in pear stikelbarchjes.'

Wat lizze se dêr lekker te sliepen!  
Dat wol ik ek wol.  
Ik gean ek mar op bêd,  
want ik kin net op 'e bank sitte.'  
'Mem kin wol yn ús hoaltsje komme,'  
seit Trynke.  
'Ja, toe mem,' ropt Jasper.  
Dan is mem ús stikelbaarchmem.'  
'Hee, de stikelbarchjes binne wekker.  
Wacht mar,' laket mem.  
Se giet nei de keuken  
en komt werom mei trije pakjes  
drinken.  
En... foar alle stikelbarchjes in pakje  
rezyntsjes.

Hoei, hoei, docht de wyn.  
En de rein kletst noch hieltyd tsjin  
de ruten.  
Mar yn it hoaltsje yn de keamer  
is it lekker waarm en drûch.  
Ien grutte en twa lytse stikelbarch-  
jes sitte gesellich yn harren hoaltsje  
te smikkeljen.

